

Liudger, apostel fan de Friezen?

Hinne Wagenaar

Summary

In this article the life and work of St. Liudger (742-809) is being reread from the perspective of the recipients of Liudger's message in the Frisian Lands. This study is part of a larger project in which the writer envisages a (re)reading and evaluation of the missionary history of the Frisian Lands in the period 600-900 from the perspective of the recipients of the Christian message, concentrating on the implications of the missionary enterprise for their indigenous culture. This project started after having taught African Theology in Kumba, Cameroon. Earlier the life and work of Boniface was studied from this particular perspective and published in this very periodical ('Boniface and the Frisian Lands revisited: Outline of a Precarious Historical Relationship', Jiergong 68, Nû. 3/4 (Maaie 2007): 114-159).

At the invitation of Krúspunt to lecture on the life and work of Liudger around the commemoration of his 1200th year of decease, the popular expectation was that Liudger was of great importance to the Frisian language and indigenous culture. He was a Frisian himself, wasn't he? The first indigenous Frisian missionary! In this article it will turn out that Liudger indeed originated from a famous Frisian family and that he worked for many years in the Frisian Lands. His attitude to and importance for the Frisian language and culture can, however, not be described very positively. In the most important sources we hardly find any allusion to the Frisian 'case'. Liudger worked seriously for the sake of the church, but he labored even more seriously for the interest of his family empire. The Vita Sancti Liudgeri (his 'biography' written by one of his important nephews, Altfred) could be termed a 'family hagiography'. The monastery he founded in Werden could be termed a 'family monastery'. Even from the geographical location of this monastery we might measure Liudger's alliance with the Frisian Lands: Liudger found a Heimat in Saxony.

Ynlieding

Sûnt de tiid dat ik dosint Afrikaanske teology yn Kameroen wie (1998-2002), bin ik dwaande mei fragen oer de skiednis fan de kerstening fan de Fryske lannen. It wienen de studinten fan it Presbyterian Theological Seminary te Kumba (yn it Ingelsktalige part fan Kameroen), dy't mei harren fragen oer de kerstening fan Afrika yn it gehiel en fan Kameroen yn it bysûnder, my nijsgjirrich makken nei de skiednis fan de kerstening

fan de lege lannen. De studinten yn Kameroen woenen graach witte hoe't de kerstening ferrûn wie, sa tusken 100 en 150 jier ferlyn. Wat hie de hâlding west fan de misjonarissen dy't út Europa kamen? Wêrom wienen de measte misjonarissen sa negatyf oer de lânseigene kultuer en de tradisjonele Afrikaanske religy? Hoe wie it kristlik leauwe yn earste ynstânsje brocht en presintearre? Troch harren fragen begûn der by my ek in proses fan refleksje op gong te kommen oer de skiednis fan de kerstening fan myn eigen folk en lân. En it waard al gau dúdlik, dat ik dêr yn myn oplieding folslein neat fan meikrigen hie. Ik kaam net folle fierder as de algemiene ferhaaltsjes oer Bonifatius yn Dokkum en sa. Doe't ik weromkaam, wie ien fan myn fragen foar fierder ûndersyk: is it mooglik om de skiednis fan de kerstening fan de Fryske lannen better te bestudearjen, foaral út it perspektyf wei fan de lânseigene kultuer en religy? Is it mooglik om dat te dwaan út it perspektyf wei fan de ûntfangende en fan de ûnderlizzende partij? Dy fraachstelling waard troch myn eigen tsjerke net sjoen as tige wichtich. In ûndersyksútstel mei as titel: 'Mission and indigenous culture: A study of the coming of Christianity to the Frisian Lands (600-900)' waard net honorearre. Ik krige as antwurd, dat soks net relevant genôch wie foar de tsjerke fan hjoed de dei. Ik ha doe besletten om dit ûndersyk dan mar yn biten en brokken te dwaan. Ik doch myn ûndersyk troch hieltyd ien fan de kristlike misjonarissen te bestudearjen mei dyselde boppesteande fraach, of, sa't it formulearre wie yn it oarspronklike útstel: 'this project envisages a (re) reading and evaluation of the missionary history of the Frisian Lands in the period 600-900 from the perspective of the recipients of the Christian message, concentrating on the implications of the missionary enterprise for their indigenous culture.'

De pear jier (2002-2005) dat ik misjology dosearre oan de tsjerklike oplieding (fan de doe noch Herfoarme tsjerke) oan de universiteit fan Grins, joech my de gelegenheid om in begjin te meitsjen mei de krektneamde fragen. It wie yn 2004 in spesjaal Bonifatius-jier en dus koe ik myn studinten ynliede yn de matearje, dêr't sy trouwens earst wol wat nuer fan opseagen. Ik ha doe besocht om it libben fan Bonifatius te lêzen yn relaasje ta de Fryske Lannen. Bonifatius wurdt altyd ferklearre

út syn oarsprong wei: Ingelân. Of út it perspektyf wei fan it lân dêr't er grut wurden is: Dútslân. It resultaat fan myn ûndersyk is te finen yn in pear publikaasjes út 2006 en 2007.¹

Liudger, 'ús earste eigen misjonaris'

Yn 2004 wie it 1250 jier ferlyn dat Bonifatius omkaam wie yn de Fryske lannen (yn 754). Dat feit hat aardich omtinken hân yn binnen- en bûtenlân, sawol yn populêre as ek yn wittenskiplike rûnten. Mar yn 2009 wie it 1200 jier ferlyn dat Liudger ferstoarn wie (yn 809). Neffens it bestjoer fan Stifting Krúspunt is dêr folle minder omtinken oan jûn,² en dêrom frege dat bestjoer oan my om op de earste jiersgearkomste fan Krúspunt, op 29 maaie 2010 yn de Liudgertsjerke te Balk, in ynlieding te fersoargjen oer Liudger, 'ús earste eigen misjonaris'. Bonifatius en Willibrord kamen ommers út de Angelsaksyske wrâld wei, mar Liudger wie ús earste 'eigen' apostel! Dat fersyk hat my de gelegenheid jûn, om, nei Bonifatius, no Liudger serieuus te bestudearjen yn it perspektyf fan myn fraachstelling. Ik sil yn dit artikel ek yngean op de wenstige ynterpretaasje, nammentlik dat Liudger 'ús earste eigen misjonaris' west hat. Wie hy ek de earste Fryske kristlike geastlike? Wie Liudger in Fries? It giet dan net allinne om syn biologyske oarsprong, mar ek oer de fraach yn hoefier't hy Frysk wie, of wêze woe. Wat wie syn relaasje mei de Fryske stam, mei de taal en mei de geografy fan de Fryske lannen?

It famyljelaach fan Liudger

De fraach oft Liudger in Fries wie, biologysk besjoen, is ienfâldich te beânderjen. It is wis, dat Liudger yndied biologysk fan Fryske oarsprong wie. Ik gean hjir no net al te djip op de details yn, om't der genôch

-
- 1 Hinne Wagenaar, 'Europa: Bonifatius en de Friese Landen', *Kerk en Theologie*, Jaargang 57, No. 4 (oktober 2006): 315-337; Hinne Wagenaar, 'Boniface and the Frisian Lands Revisited: Outline of a Precarious Historical Relationship' *It Beaken, Tydskrift fan de Fryske Akademy*, Jiergong 68, Nû. 3/4 (Maaie 2007): 114-159.
 - 2 Stifting Krúspunt - Frysk Oekumenysk Platfoarm. Fourtsetting fan it wurk fan it Kristlik Frysk Selskip 1908-2008. Krúspunt is it moetingssplak foar organisaasjes en persoanen dy't mear wolle en kinne mei it Frysk yn en om de tsjerke. Sjoch www.kruspunt.nl.

literatuer op dit punt beskikber is.³ De wittenskippers binne it iens oer syn oarsprong út in âld Frysk skaai.

De ûnderstelling dat Liudger de earste Fryske kristlike geastlike west hat, kin ek aardich maklik beändere wurde. Yn de libbensbeskriuwing fan Liudger (skreaun troch syn omkesizzer Altfried) stiet, dat twa broers fan Liudger syn beppe Adelburg oan de hillige biskop Willibrord tabetroud wienen. Dat wienen dus twa âldomkes fan Liudger, mei de nammen Willibrecht en Thiedbrecht. De earste, Willibrecht, is stoarn yn it amt fan diaken. De oare wie yn syn jonkheid ferstoarn en net ta in rang kommen. De earste Fryske kristlike geastlike wie dus Willibrecht, in diaken.⁴ Liudger wie wól de earste pryster en letter de earste biskop fan Fryske komôf. En fansels waard er ek noch de earste Fryske hillige. Yn de boppesteande alinea kamen de wurden âldomke en omkesizzer oan 'e oarder. Dat jout al oan dat wy mei Liudger net allinne te krijen hawwe mei in yndividu, mar mei in persoan út in famylje dy't al sûnt de tiid fan Willibrord ferbûn wie mei de misjonarissen út it bûtenlân wei. Willibrord wie al yn 695 ta aartsbiskop fan de Friezen wijd. Liudger is de tredde generaasje yn dizze famylje dy't yn ferbining stiet mei it kristlik leauwe en mei de bûtenlânske misjonarissen. Dat feit is tige wichtich foar de fierdere ynterpretaasje.

It (earste en wichtichste) hilligelibben fan Liudger jout ús in soad ynformaasje oer de famylje fan Liudger. De libbensbeskriuwing begjint daliks oer de pake fan heitekant. Dy pake Wursing hie in grut konflikt

3 Ik jou hjir de wichtichste boarnen en literatuer wat Liudger oanbelanget: Altfried, *Vita sancti Liudgeri auctore Alfrido*, ed. W. Diekamp, *Die Vitae Sancti Liudgeri* (Münster, 1881); *Vita Gregorii*, ed. O. Holder-Egger, MGH SS 15, 1 (Hanover, 1887); H. Börsting e.a. (red.), *Sankt Liudger. Gedenkschrift zum 1150. Todestage des Heiligen* (Essen-Werden: Pfarramt St. Ludgerus, 1959); E. Bruna OFM, *Sint Liudger, de Voltooier* (1968); Kl. Sierksma (red.), *Liudger 742-809. De confrontatie tussen heidendom en christendom in de Lage Landen* (Muiderberg: de Bataafsche Leeuw, 1984); *Communitas Sancti Ludgeri* (hrsg.), *St. Liudger. Zeuge des Glaubens. Apostel der Friezen und Sachsen. Gedenkschrift zur Erinnerung an die Geburt des Heiligen vor 1250 Jahren (742-1992)* (Essen-Werden, 1992); Kl. Sierksma, *Liudger Thiadgrimszoon: Leven en voortleven van een Christus-prediker 742-809* (Franeker: Van Wijnen, 1995); K. Bruinsma, *Liudger en Gregorius. Altfried, It libben fan de hillige Liudger. Liudger, It libben fan Gregorius*. (Boalsert: It Wite Boekhûs, 1997); I. Wood, *The Missionary Life. Saints and the evangelisation of Europe 400-1050* (Essex: Longman/Pearson, 2001); A. Angenendt, *Liudger, Missionar - Abt - Bischof im frühen Mittelalter* (Münster: Aschendorff Verlag, 2005).

4 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, part 5 (side 20). Yn: K. Bruinsma, *Liudger en Gregorius* (Boalsert: It Wite Boekhûs, 1997).

mei kening Redbad. Neffens de hagiograaf fan Liudger wie dy Wursing tige rjochtfearlich, wylst kening Radbod in minnen-ien wie: hy skeakele minsken út om sels de besittingen oer te nimmen. Wursing flechte út Súd-Fryslân wei en socht feilichheid by de Frankyske lieder Grimwald. Dêr waard hy oan it hof mei syn húshâlding doopt. Letter, as Redbad al langere tiid siik is, besiket dy it wer goed te krijen mei de famylje fan Wursing. Sy kinne feilich wer weromkomme en alles wer weromkrije ek. Wursing doart it net oan en stjoert de jongste soan nei Redbad ta. Dy jongste soan, Thiadgrym, wurdt earfol ûntfongen op it hof. Thiadgrym is de lettere heit fan Liudger. Dy kaam dus werom nei de Fryske lannen yn de neidagen fan Redbad, as in foarútskote post fan it Frankyske en kristlike ryk. Wursing kaam nei de dea fan Radbad ek wer werom. Hy hie in beneficium (in stik lân) krigen fan de Frankyske lieder en wie weromstjoerd om it kristlik leauwe te befoarderjen.

De famylje fan Liudger fan heitekant hie dus in minne relaasje mei de Fryske liederen. Sy waarden kristenen yn ballingskip. Doe't Redbad stoarn wie en de Frankyske macht terrein wûn yn de Fryske lannen (nei 719), kaam dizze famylje stikje by bytsje werom mei de nije machtige kultuer. De nije godstsjinst hearde derby.

De mem fan Liudger kaam likegoed út in kristlik laach. Foaral de beppe fan Liudger wurdt beskreaun as in tige kristlike frou. Sy wie by har berte al rêden fan har eigen heidenske beppe, dy't woe dat der jonges kamen en gjin fammen. Mar as troch in wûnder bleau sy yn libben en waard sy de beppe fan in soad wichtige tsjerkelieders, mei dêrby Liudger. Dy beppe stie ek twa broers ôf oan de tsjerke. Dat wienen de twa âldomkes dy't earder al neamd binne.

Sawol de mem as de heit fan Liudger kamen dus út in Frysk skaai dat al betiid oergien wie ta in kristlik leauwe. It houlik tusken dy twa minsken wie dan nei alle gedachten ek goed úttocht. It wienen wichtige famyljes dy't al yn de tiid fan Willibrord meiwurke hienen oan de kerstening fan de Fryske maatskippij. Ut it perspektyf wei fan de heidenske Friezen wienen dat famyljes dy't oparbeiden mei de bûtenlânske krêften fan leauwe en militêre macht. No wienen de Friezen net perfoarst negatyf oer nije ynfloeden. Mar sy wienen fansels wol hoeden mei, en skruten foar, de militêre ambysjes fan de Frankyske macht.

Mar der is noch mear te witten oer it laach fan Liudger. Want net allinne Liudger waard in wichtige geastlike yn dizze âlde famylje. Syn broer Hildegrym waard biskop fan Châlon-sur-Marne en letter hillich ferklearre. Krekt as suster Heriburg, dy't abdis wie en stoar as abdis fan in kleaster yn Nottuln, net fier fan Múnster. En om de famyljekronyk

hielendal komplete te meitsjen: fjouwer omkesizzers fan Liudger krigen hege posysjes yn de tsjerke. Sy waarden alle fjouwer biskop en tagelyk abt fan it troch Liudger stifte kleaster yn Werden en Helmstedt. Ien fan dy fjouwer wie Altfried, de skriuwer fan it earste hilligelibben fan Liudger.

Liudger en de Fryske lannen

Foar de fraachstelling fan dit artikel is it wichtich om nei te gean wat oft Liudger syn relaasje wie mei de Fryske lannen. Der binne twa boarnen om te ûndersykjen. Alderearst ha wy ta ús foldwaan Liudger syn beskriuwing fan it libben fan syn eigen learmaster Gregorius (skreaun ein achtste ieu).⁵ Hy jout yn dat libben fan Gregorius nijsgjirrich genôch earst in wiidweidige beskriuwing fan it libben fan Bonifatius. Gregorius hie fan jongs ôf oan mei Bonifatius libbe en reizge. Hy waard nei de dea fan Bonifatius yn 754 de abt fan de domskoalle yn Utert, mar gjin biskop. Liudger skriuwt dat Gregorius stjoerd waard as preker en learaar nei it folk fan de Friezen.⁶ It spesjale fan Liudger syn skriuwen is dat it part oer Bonifatius grôtfol stiet mei histoaryske ynformaasje: nammen, data, stêden, keningen en biskoppen.⁷ Mar wannear't Liudger oan Gregorius ta is, giet it eins allinne noch oer de 'heilsame goede deden' en hoe't Gregorius 'as in heit syn soannen opfieden en leafhân hat'.⁸ Wy hearre mei gjin wurd oer de situaasje yn Fryslân nei de dea fan Bonifatius. Mei Bonifatius wie ommers hast de hiele boppelaach fan de tsjerke yn Fryslân omkaam. Foar Gregorius moat it in bysûnder drege tiid west hawwe. Wy hearre neat oer syn wurk of oer de opbou fan de tsjerke yn de Fryske lannen.⁹

Gelokkich jout de twadde boarne mear ynformaasje oer de relaasje fan Liudger mei de Fryske lannen. Dy boarne is fan lettere tiid, want dy befettet de libbensbeskriuwing oer Liudger troch syn omkesizzer Altfried (skreaun foar 849).¹⁰ Dizze Altfried beskriuwt hoe't Liudger ûnder de hoede komt fan Gregorius yn de skoalle fan Utert. Liudger

5 Liudger, *Vita Gregorii*, ed. O. Holder-Egger, MGH SS 15, 1 (Hannover, 1887); K. Bruinsma, *Liudger en Gregorius (Altfried, It libben fan de hillige Liudger. Liudger, It libben fan Gregorius)*. (Boalsert: It Wite Boekhûs, 1997).

6 Liudger, *It libben fan Gregorius*, part 1 (side 48) en part 10 (side 62). Yn: K. Bruinsma, *Liudger en Gregorius* (Boalsert: It Wite Boekhûs, 1997).

7 Ibid., part 1-10 (48-63).

8 Ibid., part 10 (63-64).

9 Ibid., part 10-15 (62-71).

10 Altfried, *Vita Liudgeri*, ed. W. Diekamp, *Die Vitae Sancti Liudgeri* (Münster, 1881); Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*. Yn: K. Bruinsma, *Liudger en Gregorius* (Boalsert: It Wite Boekhûs, 1997).

wurdt ta diaken wijd yn York yn it jier (767) dat hy dêr studearre. Hy wurdt 10 jier letter (777), nei't hy noch trije jier yn York studearre hie, yn Keulen wijd ta pryster, nei alle gedachten wie hy doe 35 jier. Oant no ta hat Fryslân net oan 'e oarder west.

Nei syn twadde stúdzjeperioade yn York krijt Liudger taken yn it sindingsfjild sels. Earst moat er nei Dimter ta, fanwege de dea fan Leafwyn (Lebuinus) yn 773. Nei de dea fan Gregorius wurdt Liudger troch dy syn opfolger (de omkesizzer Alberik) nei de Friezen stjoerd. It earste en iennichste dat wy fan dy earste reis nei de Friezen hearre, is dit:

Dêrnei stjoerde Alberik Liudger út en mei him oare tsjinnern fan God om de timpels fan de goaden te ferwoesten en ferskate plakken fan ôfgoaden by it folk fan de Friezen. En hja folbrochten dat befel en brochten in grutte skat mei, dy't hja yn de timpels fûn hienen. Dêrfan hat keizer Karel twa tredde part nommen, mar hy hiet Alberik ien tredde part foar syn gebrûk te nimmen.¹¹

Hjir wurde dus einliks in soarte fan rôftochten beskreaun dy't Liudger mei oare 'tsjinnern fan God' folbrocht hie. Nei dy earste taken, en nei syn wijing as pryster, waard Liudger oansteld ta learaar fan de tsjerke yn Eastergoa.¹² By in opstân fan Saksen en Friezen, ûnder lieding fan Widukind tsjin de ekspânsje fan it Frankyske ryk en de misjonarissen, moatte Liudger en syn kollega's halje-trawalje de wyk nimme. Dat wie net foar neat, want wy witte út de *Lex Frisionum* dat ûnder de Friezen de deastraf stie op it skeinen fan in hillichdom of timpel.¹³

Nei dy earste kear dat er útnaaie moast (783), kaam er in pear jier letter werom as learaar by it folk fan de Friezen, no oan de eastkant fan de Lauwers. Hy waard dêrta oansteld troch Karel de Grutte. It gie om fiif geaen yn it hjoeddeistige Grinslân en Ost Friesland. Dat wie yn it jier 787, krekt de tiid dat Karel de Grutte immen nedich hie yn dat opstannige gebiet fan de Friezen en de Saksen. Karel de Grutte hie de Saksen mei hurde hân (en mei it swurd) ta it Kristendom twongen. Yn 782 liet er 4500 opstannige Saksen ûntholje (yn Verden, ûnder Bremen). Dêrnei hat Widukind belies jûn en is

11 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, part 14 (28).

12 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, part 15 (29).

13 N.E. Algra, *Oudfries recht 800-1256* (Ljouwert: Fryske Akademy, 2000), 97.

er doopt yn 785. Karel de Grutte wie sels peetheit by dy doop. De Saksen-oarloggen wienen noch net foarby, mar it ferset wie fierwei hinne brutsen.¹⁴

Yn dy jierren waard Liudger troch Karel de Grutte oansteld (dus net troch de biskop út Utert!) yn de fiif Fryske geaen. Wy hearre yn de libbensbeskriuwing (op 'e nij) net in soad oer dy fiif geaen. Altfried skriuwt oer Liudger syn wurk yn dizze krite allinne de folgjende wurden:

Sels hat Liudger mei tûke soarch derfoar wrotten de stream fan de leare des Hearen te skinken oan de him tabetroude keppel, de heidenske timpels te slopen en alle smoargens fan de âlde dwaalleare fuort te spielen.¹⁵

Dy hâlding wurdt útfergutte troch it ferhaal oer Liudger syn reis nei Fosetelân (Helgolân). Liudger ferwoeste alle timpels dy't oan Fosete wijd wienen en boude tsjerken. Hy ûnderrjochte de minsken yn de kristlike leare en doopte harren yn de welle, dêr't Willibrord eartiids ek al trije minsken yn doopt hie.

Foar dizze reis hie Liudger ek wer tastimming krigen fan Karel de Grutte. Ut alles docht bliken, dat Liudger in wichtige pion wie foar Karel de Grutte yn it proses fan pasifikaasje fan dizze gebieten. Peter Brown neamt soks it slútstik fan de feroveringen fan Karel de Grutte: 'the closing of the frontier'. Yn dit proses fan pasifikaasje waard Liudger eintsjebeslút wurdarre én beleanne foar al syn wurk foar Karel de Grutte. Hy waard yn 805 oansteld as biskop fan de Saksen, mei Múnster as biskopsstêd. 'Syn' fiif Fryske geaen mocht er hâlde. Sa bleauwen dy fiif geaen by Múnster oan de ein fan de midsieuwen ta. Dêrmei wie de territoriale ienheid fan de Fryske lannen ferbrutsen. Fryslân wie yn ienkear yn trijen brutsen. De Fryske lannen waarden úteinlik sels ferdield oer fjouwer bisdommen.¹⁶

Liudger en it Frysk

De gedachte dat Liudger, nei bûtenlânske misjonarissen as Willibrord en Bonifatius, in 'eigen' geastlike wie dy't ticht by de minsken stie en

14 P. Brown, 'The Closing of the Frontier: Frisia and Germany', chapter 18 in *The Rise of Western Christendom: Triumph and diversity, A.D. 200- 1000* (2nd ed.), (Oxford: Blackwell Publishing, 2003), 408-433.

15 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, part 19 (32-33).

16 Utert, Múnster, Bremen en Osnabrück. Sjoch: *Fryslân op de kaart: Histoaryske atlas fan Fryslân op CD-rom* (Ljouwert: Afûk, 1998).

de taal fan de minsken spruts, is algemien gongber. Foaral de genêzing en bekearing fan de bline sjonger Bernlef hat altyd ta de ferbylding sprutsen. Ek yn wittenskiplike rûnten wurdt Liudger yn ferbân brocht mei de lânseigene talen. Hy soe Bernlef de psalmen yn it Frysk leard hawwe en Bernlef soe, ûnder ynfloed fan Liudger, sels de skriuwer en dichter wêze fan de *Heliant*, in Aldsaksyske bewurking fan it Bibelske evangelje út de earste helte fan de njoggende ieu.¹⁷

Mar ek op dat punt moat konstataarre wurde, dat de boarnen net in soad ynformaasje jouwe. Yn de libbensbeskriuwing fan Liudger stiet gjin inkele ferwizing nei Liudger syn taalgebrûk, of nei de Fryske taal. Sels by it ferhaal fan Bernlef net! Fansels is it begryplik, dat minsken tocht hawwe, dat Bernlef nei syn bekearing yn it Frysk oer de Bibel songen ha soe. Dat hie hy ommers foar syn bekearing ek dien. Der stiet oer Bernlef, dat er 'by syn folk heech yn oansjen stie, omdat er de keunst ferstie de dieden fan de âldfaars en de oarloggen fan de keningen te besjongen, wylst er dêrby op de harpe spile.' Mar fierder stiet der allinne ien inkele rigel oer de Psalmen dy't er learde fan Liudger: 'Sels hat Bernlef rûnom dêr't er de Godsman (Liudger) fûn, fan him de Psalmen leard.'¹⁸ Nei alle gedachten hawwe de Psalmen yn it Latyn west. Mar der stiet neat by oer taal. Fierwei it grutste part oer Bernlef is wijd oan syn taak as lekedoper, dy't de doop yn need tapasse moast oan lytse bern yn de tiid dat Liudger flechtsje moast foar de Saksenoarloch.

Liudger, de foltôger?

Pater Elpidius Bruna skreau yn de sechstiger jierren fan de tweintichste ieu in boekje mei as titel *Sint Liudger, de Voltôoier*.¹⁹ Dy titel giet werom op in artikel fan professor G. Gosses. Bruna achte de namme 'voltôoier' tige te pas by Liudger:

Een zeer passende naam voor de man, die als het ware het dak heeft gezet op de kerk door Willibrord en Bonifatius in Noord

-
- 17 Sjoch bygelyks, *Heliand: een Christusgedicht uit de vroege middeleeuwen*. Uit het Oudsaksisch vertaald, geannoteerd en ingeleid door Jaap van Veenendaal (Amsterdam: SUN, 2006); H. Vreekamp, 'Christus in Saksisch gewaad. Over ontstaan, inhoud en betekenis van de Heliand', *Transparant*, 16.1 (januari 2005), 4-8; H. Vreekamp, *Zwijgen bij volle maan. Veluwe verkenningen van Edda, Evangelie en Tora* (Zoetermeer: Boekencentrum, 2003), 121-163.
- 18 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, boek II, part 2 (38).
- 19 E. Bruna OFM, *Sint Liudger, de Voltôoier* (In eigen beheer: 1968).

Nederland gebouwd. Hij legde nagenoeg de laatste hand aan de kerstening der Friezen...²⁰

Dêrmei slút dizze pater Bruna folslein oan by de gongbere en oerflakkige opfettings oer Liudger. Klaes Sierksma giet ek yn dy tradysje fierder en nimt yn syn boek *Liudger Thiadgrimszoon: Leven en voortleven van een Christus-Prediker* it boekje fan Bruna as de te bewurkjen basis.²¹ En sels Van Berkum brûkt dy typearring yn it fierders prachtige artikel oer de konfrontaasje tusken it romeins-kontinintale en it Ierske biskopstype.²² Hjirûnder folget, oanslutend by de boppesteande analyse, in oare ynterpretaasje fan it libben en wurk fan Liudger.

a.

Alderearst binne wy wis dat Liudger út in ferneamd Frysk skaai kaam. Dúdlik is ek, dat er lange jierren wurke hat yn de Fryske lannen. Earst, foar 783, in pear jier yn Eastergoa (Ostrache). Letter, nei 787, kaam er werom nei de fiif Fryske geaen. Dêr hat er lang wurke. Mar tagelyk witte wy ek dat er yn de tuskentiid oare saken oan 'e holle hie. Liudger wie in man fan stúdzje, geleardheid én fan reizgjen. Hy studearre twa kear yn York, waard ta diaken wijd yn York en ta pryster yn Keulen. Hy wie yn Rome en bleau twa jier yn it Benediktiner kleaster op de Monte Cassino (súd fan Rome). Hy wie langere tiid op Helgolân. Fan it jier 793 ôf wie er troch Karel de Grutte ek oansteld yn Múnsterlân. Hy wie dêr aktyf dwaande mei it stiftsjen fan syn eigen kleaster op eigen grûn yn Werden. En yn de tiden dat er yn de Fryske lannen wie, joech er alle jierren in fearnsjer les yn Utert. Eintsjebeslút waard er yn 805 wijd ta biskop fan Múnster. It is dúdlik dat Liudger ferskate pylken op syn bôge hie. Minder dúdlik is, wat er winliken besjuten hat foar de minsken en de tsjerke yn de Fryske lannen. Dat is út de boarnen min te abstrahearjen.

b.

Altfried ferhellet yn syn *Vita Sancti Liudgeri* oer de taak dy't Liudger, nei oanlieding fan in fisioen, krijt fan syn learmaster Gregorius,

20 Ibid., 6.

21 Kl. Sierksma, *Liudger Thiadgrimszoon: Leven en voortleven van een Christus-prediker 742-809* (Franecker: Van Wijnen, 1995), 3.

22 Aug. van Berkum, 'Van het charismatische naar het ambtelijke bisschopstype', yn: Kl. Sierksma (red.), *Liudger 742-809. De confrontatie tussen heidendom en christendom in de Lage Landen* (Muiderberg: de Bataafsche Leeuw, 1984), 63-86.

nammentlik om syn kundichheid yn trijen te ferdielen, oer de trije folken dy't er bestjoere moatte sil, te witten de Saksen, de Friezen en de Franken.²³ Histoarysk sjoen hat Liudger yndied operearre ûnder dy trije folken. Hy funksjonearre hast letterlik op it snijflak fan de trije folken. Dat blykt foaral ek út de sit fan syn kleaster yn Werden, yn it suden fan de Saksen, it noarden fan de Franken en eastlik fan de Friezen.²⁴

Om Liudger foltôger te neamen fan it wurk fan Willibrord en Bonifatius, doocht net alhielendal. Liudger hat yndied in (grut) part fan syn libben yn de Fryske lannen wurke. Mar om him in foltôger of apostel fan de Friezen te neamen, docht gjin rjocht oan it wurk fan Willibrord, fan Gregorius, fan Willehad en fan oaren dy't likefolle of mear wurke hawwe yn de Fryske lannen. Wichtich is ek, dat Liudger gjin biskop waard fan Utert of fan in nij bisdom ûnder Utert. It bliuwt nijsgjirrich wêrom't Liudger net de opfolger wurde koe fan abt Gregorius fan Utert, dy't stoar yn 775. Liudger wie doe noch gjin pryster, mar de opfolger fan Gregorius (Alberik) likemin. Dy waard tagelyk mei Liudger pryster yn 777 en biskop yn 780. Like nijsgjirrich is, wêrom't Liudger gjin biskop waard nei de dea fan dy biskop Alberik yn 784, of nei de dea fan dy syn opfolger Theodard yn 790. Liudger hat nea in posysje fan ymportânsje hân yn de Fryske lannen. Wy moatte dêrby miskien net ferjitte dat de dea fan Bonifatius yn 754 (mei in soad mûntsen en prysters dêrby) Utert yn in steat fan folsleine ûntheistering efterlitten hie. Utert en syn biskoppen binne yn de twadde helte fan de achtste ieu folslein ûnsichtber. Faaks wie Utert foar Liudger net ynteressant genôch? Hy hat yn alle gefallen syn enerzjy en wiisheid der net oan bestege.

Mar foar de Friezen yn letter ieuwen wie der suver gjin oare misjonaris of hillige dy't oerbleaun wie om op te easkjen. Liudger wie eins de iennige dy't oerbleaun wie om grutsk op te wêzen. Alle oaren wienen bûtenlanners wylst de 'eigen' geastliken yn de ieuwen dêrnei perfoarst net ta de ferbylding sprutsen. Liudger wie de earste Fryske biskop en hillige, dat de kristlike Friezen lieten Liudger net oer oan de Saksen allinne. Dy hienen Bonifatius en Willehad ommers ek al, al wienen dat bûtenlanners. Liudger wie in Fries en syn relikwien wienen relatyftichteby. Liudger wie dêrom populêr by de kristlike Friezen. Wumkes skriuwt yn

23 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, part 16 (29).

24 I. Wood, *The Missionary Life. Saints and the evangelisation of Europe 400-1050* (Essex: Longman/Pearson, 2001), 111.

syn *Paden fen Fryslân* de folgjende wurden oer de bining fan de Friezen oan it kleaster fan Liudger:

En de Friezen hawwe út tankbere ljeafde foar hjar greate sindling dizze Benediktiner abdij ryk bitocht. Om it jier 900 hinne hie Werden ynkomsten út in mannichte fen Fryske doarpen. En mannich Fries keas as plak foar syn 'militia Christi' dit kleasterstift.²⁵

c.

Om te sizzen dat Liudger de kerstening fan de Friezen 'nagenoeg' ôfmakke en in dak op de tsjerke fan Willibrord en Bonifatius lein hat, is in (te) grutte ferienfâldiging fan in komplekse situaasje. Liudger boude yndied op de fûneminten fan Willibrord en Bonifatius, mar hy boude like hurd oan syn famylje-ympearium. Ien fan de grutte ferskillen mei Willibrord en Bonifatius wie dat Liudger in famyljeskiednis hie yn de Fryske lannen. Liudger wie in telch út in ferneamd Frysk laach en hie kristlike woartels fan sawol heite- as memmekant. It is dúdlik dat de famylje spul hie mei de Fryske boppelaach, yn alle gefallen mei kening Redbad. De famyljes fan beide kanten arbeiden mei de earste misjonarissen op. Twa âldomkes fan memmekant wienen yn de earste helte fan de njoggende ieu al ta beskikking steld fan Willibrord. Broer Hildegrym wurdt biskop fan Chalôn, suster Heriburg wurdt abdisse fan in kleaster ticht by Múnster. Fjouwer omkesizzers fan Liudger wurde biskop. Twa fan Múnster (opfolgers fan Liudger) en twa fan Halberstadt. Alle fjouwer wurde se abt fan Liudger syn kleaster yn Werden!²⁶ It giet hjir suver om in famylje-ympearium. Ian Wood neamt it *Vita Sancti Liudgeri* in foarbyld fan 'family hagiography' en it kleaster yn Werden in 'family monastery'.²⁷ Liudger is dus net allinne mar in misjonaris, pryster of biskop. Hy wie ek in fertsjinwurdiger fan syn famylje(besittings).

It krektneamde jout ús in nije hermeneutyske kaai om it libben fan Liudger better te ynterpretearjen en te ferstean. It soad fan wat wy net begripe yn Liudger syn libben, kin sa helder wurde. It kin ferklearje

25 G.A. Wumkes, *Paden fen Fryslân: Samle opstellen I* (Boalsert: A.J. Osinga, 1932), 51.

26 Sjoch de 'Stammtafel' fan 'Die Liudgeriden' yn: *Communitas Sancti Ludgeri* (hrsg.), *St. Liudger. Zeuge des Glaubens. Apostel der Friezen und Sachsen. Gedenkschrift zur Erinnerung an die Geburt des Heiligen vor 1250 Jahren* (Essen-Werden, 1992), 39.

27 I. Wood, *The Missionary Life. Saints and the evangelisation of Europe 400-1050* (Essex: Longman/Pearson, 2001), 113.

wêrom't er net biskop wurde woe op in oar plak as Múnster, net fier fan syn kleaster yn Werden ôf. It ferklearret wêrom't er in kleaster boude op eigen grûn²⁸ en tagelyk ek wêrom't er net de kleastergeloofte ôflein hie (fan earmoed) en dêrom gjin pij drage woe.²⁹ Dan is better te begripen, wêrom't er yn it nije bisdom Múnster de fiif Fryske geaen 'meinaam'. Dy hearden by it ympearium dat er opboud hie! It makket ek mear dúdlik wêrom't de famylje sa hecht wie mei de Frankyske macht en wêrom't Liudger sa ôfhinklik wie fan Karel de Grutte. De famylje fan de Liudguriden hat gâns winst helle út de kontakten mei de Frankyske machthawwers.³⁰ Sy wienen as wichtige Fryske famylje in pion yn it proses fan pasifikaasje fan de Fryske en Saksyske lannen. Dat is goed slagge. Karel de Grutte koe it hawwe oer it sluten fan de frontier.

It ferstjerren fan Liudger jout noch in moai foarbyld fan de spanning tusken syn amt as biskop fan Múnster en syn famyljeferplichtings. Doe't Liudger stoar, waard syn lichem (fansels) nei de biskopsstêd Múnster brocht. Dêr ûntstiet in konflikt om it stoflik oerskot tusken de learlingen fan Liudger (út it kleaster fan Werden) en it folk fan it bisdom Múnster. De relikien wienen nammentlik fan ûnskatbere wearde foar beide partijen! Sadwaande bleau 'Liudger' ûnbeïerdige stean yn de tsjerke fan de hillige Marije. Opmerklik is dat de broer fan Liudger, biskop Hildegrym, út Chalon sur Marne komme moast om oardiel te sprekken (nei oerlis mei Karel de Grutte!). De útkomst wie folslein dúdlik: it relyk fan Liudger moast yn 'e famylje bliuwe en soe beïerdige wurde yn eigen grûn neist it muontsekleaster.³¹

Ta beslút

It foargeande liket miskien in negative analyze fan de hillige Liudger. It is ommers hast ûnfatsoenlik om him, 'ús earste eigen misjonaris', sa kritysk te skôgjen. Yn dit artikel is lykwols besocht om spesifyk te sjen nei Liudger syn relaasje ta de Fryske lannen. Der wurdt gjin oardiel jûn

28 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, boek II, part 8 (43).

29 Ibid., boek II, part 6 (42).

30 Yn de boarnen wurdt net ferburgen hoe ôfhinklik oft Liudger wie fan Karel de Grutte. Wichtige beslissings wurde net naam los fan de romrofte kening Karel. It docht ek bliken dat ferskate Frankyske keningen beneficia tabetrouwe oan de famylje. Dat begûn by Karel Martel oan pake Wursing (part 4, 20) en gie troch oan Liudger ta, dy't fan Karel de Grutte it Sint Pitserskleaster krige, mei alles wat dêrby hearde, tsjerken sawol as doarpkas (part 21, 36).

31 Altfried, *It libben fan de hillige Liudger*, boek II, part 8 (43).

oer bygelyks syn frommens of syn geleardheid. Liudger wurdt allinne ûntmytologisearre as apostel fan de Friezen. Yn de boarnen is in ferhipt lyts bytsje te finen oer de Friezen, de Fryske lannen, de Fryske taal. Wy fine earder in algemien negative hâlding fan de Liudgeriden oer de Fryske kening, de Fryske kultuer en de lânseigen godstsjinst. Liudger naam as biskop fiif Fryske geaen 'mei nei Mûnster'. Dat paste fansels goed yn de polityk fan Karel de Grutte, dy't de Friezen en de Saksen mei sin ferdielde oer meardere bisdommen. Liudger hat net besocht om it bisdom fan de Friezen (sa't it earst bedoeld wie ûnder Willibrord, dy't de titel aartsbiskop fan de Friezen krigen hie) as in ienheid te bewarjen. Utert bleau efterbleaun gebiet. East-Fryslân kaam ûnder it Bremen fan biskop Willehad.

It is altyd hiel yngewikkeld om de skiednis te beoardieljen mei kategoryen út letter tiid. It giet der net om, om Liudger te be- of feroardieljen. Mar de gongbere opfetting dy't faak utere wurdt, giet no krekt út fan Fryske sentiminten út letter tiid: 'Liudger is fan ús en wie in echte Fries. Hy brûkte de Fryske taal en wie begien mei it Fryske folk'. Sokke opfettings moatte lykwols op grûn fan de boarnen tsjinsprutsen wurde. Minsken meie fansels bêst grutsk wêze op Liudger, mar dan net omdat hy sa foar de Fryske saak striden hat. Of dat hy begien wie mei it Fryske folk. Spitigernôch is dat net wier.

Liudger komt út de boarnen nei foaren as in gelearde en fromme persoan, dy't de famyljetradysje en -belangen net út it each ferlear. Syn famylje hie âlde bannen mei it Frankyske hûs. Sy buorken dêr goed mei, sy hienen de wyn yn 'e seilen. Mar tagelyk waard de famylje dêrom ek brûkt troch dy Frankyske liederen. Liudger liet him dúdlik brûke yn de feroverings- en kersteningspolityk fan Karel de Grutte. Om dy reden kin Liudger ek net 'de foltôger' neamd wurde. Karel de Grutte wie earder de foltôger yn dy tiid, nammentlik de foltôger fan de feroverings- en kersteningspolityk ûnder de Friezen en de Saksen.

Liudger hat troch de skiednis hinne, as earste Fryske misjonaris, pryster, biskop en hillige, wichtich west foar de identiteit fan de Fryske tsjerke en it Fryske folk.³² Foar Liudger persoanlik lei dat justjes oars. Foar him wienen de Fryske lannen mei har ynwenners earder in 'pineholle-dossier'. Hy socht syn heil as biskop en abt yn it Easten, by de Saksen.



32 Liudger hat sels in plak krigen yn de Kanon fan de Fryske skiednis. Yn it finster oer 'Redbad en Bonifatius' komt Liudger oan 'e oarder as earste Fryske misjonaris. Yn: *De kanon fan de skiednis fan Fryslân yn 11 en 30 finsters* (Ljouwert, Afûk), s. 24-25.